



HOTEL ATLANTICO

(Hotel Atlantico)

Tragi-komeedzje

fan

FRANK HOUTAPPELS

Fryske oersetting

Baukje Stavinga

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **HOTEL ATLANTICO - HOTEL ATLANTICO** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **FRANK HOUTAPPELS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2017 Hummelinck Stuurman

Uitgave: Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **4** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Nick - fjirtiger, senarioskriuwer

Bram - fjirtiger, televyzjekok

Hans - fjirtiger, sjoernaallêzer

Ties - fjirtiger, kollumnist

DEKOR:

De feranda fan Hotel Atlantico oan de Portugese kust

SÊNE 1

The key to paradise

(Nick en Hans sitte op de feranda fan Hotel Atlantico en sjogge út oer de see)

NICK: No, dat foel ta. Gjinn fertraging, noflikke flucht, gjinn koffers kwynt, net siik wurden, gjinn rjien by de autoferhier. Lekker iten, net útskolden.

HANS: Lekkere steward.

NICK: O ja?

HANS: Fûnst net?

NICK: Net sjoen.

HANS: Hoe kin dat no, do hiest der fjouwer oeren sicht op.

NICK: Ik ha in film sjoen.

HANS: Wat foar film?

NICK: Batman.

HANS: Ek lekker. *(Hans fluitet nei de hûnen)* Here boy, here boy!

NICK: Wat dochst?

HANS: Ik rop de hûnen. Dy twa falske Vizsla's.

NICK: Hans!

HANS: Wat? Ik bin der net bang foar.

NICK: Kinst lang roppe.

HANS: Se binne dochs net dôf.

NICK: Nee, se binne dea.

HANS: O.

NICK: Datst dat net mear witst.

HANS: Foar safier ik my yn't sin bringe kin, rûnen hjir twa falske Vizsla's.

NICK: Do janktest dy de eagen út' e kop doe' st it heardest.

HANS: Fanwege dy hûnen?

NICK: Fanwege dy hûnen of fanwege de drank.

HANS: No, dan sil it de drank west wêze.

NICK: Datst dat net mear witst.. *(Hans giet oerein, ûnrêstich. Hy siket Elsa de pensjonhâldster)*

HANS: Wêr is Elsa? Ik wol noch wat te drinken. Wêrom bestelle wy net in flesse, dat is toch handiger.

NICK: It is noch betiid. Nim mines mar.

HANS: Hoechsto net.

NICK: Ik kin wachtsje *(Nick jout Hans syn glês wyn. Hans nimt in fikse slok)*

HANS: Gadferdamme, wat dochsto mei dy wyn.

NICK: Neat.

HANS: It liket wol pis, sa lij.

NICK: Sorry.

HANS: Do moast in glês by de poat fêsthâlde. Skeelt in pear graden.

NICK: Ja, ik wit it.

HANS: It is in glês, gjin krûpbear (*hy ropt nei binnen*) Elsa? (*der komt gjin reaksje*) Ik wol dizze kear echt noch nei it keramykfabrykje yn Caldas da Rainha.

NICK: Wêrom?

HANS: Se meitsje sokke gekke servizen.

NICK: O ja?

HANS: Ja jong, dy steane foar in godsfermogen yn de Cornelis Schuyt. Wylst it hjir gjin drol kostet. Wit hast net ien.

NICK: Hast ferlet fan in servys.

HANS: Ferlet? (*it is even stil. Se sjogge nei de see*)

NICK: Sis Hans, no't Bram der noch net is..

HANS: Ja, wêrom eins? Wêrom koenen Bram en Ties net gewoan gesellich deselde flucht nimme as wy?

NICK: Ties moast noch mei syn mem nei it sikehûs en Bram is tipt oer in kastieltsje. It is gjin jild seit er.

HANS: Wat moat er mei in kastieltsje?

NICK: Is leuk ommers, in kastieltsje krekt bûten Parys. Mei it each op'e takomst.

HANS: Bram sammelt huzen as in oar puntelippers.

NICK: Puntelippers.

HANS: Ik hie froeger in punteliper samling.

NICK: Wêrom?

HANS: Gjin idee. Ik hie him. (*it is wer even stil*) Ik ha har oan it laitsjen krigen.

NICK: Wa?

HANS: Elsa.

NICK: Dat kin net. Dy laket noait.

HANS: Jawol, ast mar geduld hast. Ik ken net ien dy't mei safolle fertraging glimket as sy. Doe't ik de kaai fan har krige makke ik in grap. En se like ûnfersteurber, mar ik tocht: ik sil dy krije. En ik seach har krekt sa lang oan, oant der wol wat fan emoasje op ferskine moast. En it duorre even, mar it kaam. Earst skode de linkerkant fan har mûle omheech, doe de rjochter. Amper in milimeter, mar ik tocht, ik ha dy. Ik ha dy laitsje litten, kring.

NICK: Wat foar grap makkest dan?

HANS: Wat oer de kaai. Ik naam him oan en sei: 'Ah, there's the key

to paradise'.

NICK: Leuk.

HANS: Ja toch? Net hilarysk.

NICK: Nee, leaf, leuk. The key to paradise. Dat hast leuk sein.

HANS: Tanke. Ik wol in flesse (*Hans giet oerein, ûnrêstich*)

NICK: Sis Hans. No't Bram der noch net is. Ik bin benadere troch ien fan syn fans. Oft wy in brief skriuwe woenen.

HANS: In brief.

NICK: In oanbefellingsbrief, of hoe hjit soks. Se wolle him foardrage foar in keninklike ûnderskieding.

HANS: In lintsje?

NICK: Ja.

HANS: Wêrom?

NICK: Se fine dat er it fertsjinnet. Fanwege wat er dien hat foar homoseksuelen en bedrige diersoarten.

HANS: En sy binne?

NICK: Hoe bedoelst?

HANS: Dy fans, út wat foar hoeke binne dy, de homoseksuele of dy fan de diersoarten?

NICK: It is in stel, twa mannen, troud en mei in soart fan krisis opfang. In poezeboat leau ik.

HANS: In poezeboat.

NICK: Se wenje yn Bunde. Yn elk gefal: se binne fan miening dat Bram in lintsje fertsjinnet en it moat in ferrassing bliuwe. Dus mûle ticht.

HANS: En wat moat der dan yn stean, yn dy brief?

NICK: Gewoan, dat er safolle dien hat foar de emansipaasje fan homoseksuelen en bedrige diersoarten.

HANS: Hoe dat?

NICK: Troch te wêzen wa't er is en te dwaan wat er docht.

HANS: In relnicht mei in itensiedersprogramma.

NICK: It is net myn idee, ik jou it allinne mar troch.

HANS: O. No. Ik skriuw wol in briefke hear. Gjinn probleem (*it is even stil*)

NICK: Hoefolle hiest?

HANS: Wat?

NICK: Puntelippers.

HANS: In stik as tachtich tink ik.

NICK: Tachtich puntelippers?

HANS: Net tsjin ien sizze.

NICK: Wêrom net? Is ommers grappich.

HANS: Foardatst it witst, wurdt soks tsjin dy brûkt. Beloof it my Nick.

NICK: Okee.

HANS: Wat in ûnsin eins, sa'n lintsje. As soe er dêr op sitte te wachtsjen.

NICK: Hy fynt it fêst geweldich.

HANS: No, ik fyn it ûnsin.

NICK: Ik ek (*Hans sacket ûnderút, docht de eagen ticht. Se harkje nei de see*) Ik soe it net slim fine as se net kamen. Lekker rêstich sa (*Hans swijt*) Toch? Hearlik.

HANS: Mar ek in bytsje saai, Nick.

NICK: Fynst?

HANS: Ja, fyn ik wol.

SÊNE 2:

In nije bril

(Nick en Hans sitte op de feranda. De rêst wurdt fersteurd troch Bram en Ties. Bram sleept in ôfgryslieke grutte koffer mei en hat in nije sinnebril. In grut opsichtich eksimplaar fan Tom Ford)

TIES: Ferskriklik! Kutflucht, ik bin myn koffer kwyt, wy krigen de auto net dy't wy besteld hienen, ien hap fan sa'n kabbeljau kroket en ik bin oan de skiterij en wy binne útskolden.

NICK: Troch wa?

TIES: Troch de steward. Ik tsjinje in klacht yn.

BRAM: Do. Do bist útskolden. Ik net hear. Hy.

TIES: Ik frege allinne om in oare stoel.

HANS: Oar plak.

BRAM: Nee, itselde plak, oare stoel.

TIES: Mines wie stikken.

BRAM: Ik ha in nije bril.

TIES: Der siet in bult yn dy sitting. Wat fan stiel, sa'n hurde punt, dêr ha ik de hele reis op sitten.

HANS: Hast oars ek noait muoite mei.

TIES: Mar gjin fjouwer oeren achter elkoar.

BRAM: Do mochtst ferkasse, Ties.

TIES: Ja, nei it gongpaad. Ik woe boppe de fleugel, by it rût, by de needútgong. Se ha mar te soargjen dat dy stuollen doge. As soe it mar neat kostje, dêr fljochst dan KLM foar. Oars hie ik krekt sa goed mei TAP gear kinnen.

BRAM: Hoe fine jim myn nije bril?

TIES: Ik tsjinje in klacht yn. En as ik werom kom giet myn earstfolgjende column yn de krante oer hoe abominabel de KLM mei syn klanten en harren guod om giet.

HANS: No, dat sil se leare.

TIES: It sil dy noch fernuverje.

BRAM: Ik ha in nije bril. Yn it fleantúch kocht.

TIES: Kenne wy net ien by KLM? Ien dy't wy belje kinne? Bobbie, fan Pieter, wurket dy noch op Schiphol?

NICK: Foar safier't ik wit, wol.

TIES: Kinne wy dy net belje? Miskien wit dy wêr't myn koffers binne en wat der yn myn stoel siet.

NICK: Hy wurket yn in sûvenirwinkel.

TIES: It kin toch dat er ien ken?

BRAM: Bril! Wat fine jim!

HANS: Wolst in earlik antwurd, of wolst it gesellich hâlde.

NICK: Do hiest toch al in bril?

BRAM: Ja?

NICK: Ik ha dy in sinnebril jûn, foar dyn jierdei. Wêr is dy?

BRAM: Dy ha ik noch.

NICK: Wêrom hast dy net op?

BRAM: Ik kin ommers gjin twa brillen tagelyk op?

HANS: No, as ien dat kin.

BRAM: Dizze is fan dit seizoen.

SÊNE 3

In aap op souder

HANS: Hoe wie dat kastieltsje?

TIES: Fertelsto it of fertel ik it?

BRAM: Fertel do mar.

TIES: Mei it dan letter? Ik bin wat wurch.

BRAM: Dan fertel ik it.

TIES: Freegje it dan net.

BRAM: Wat net?

TIES: Ik fyn it prima ast it sels fertelle wolst, mar freegje it dan net Bram.

BRAM: Goed, wy komme dêr oan. De yngong is prachtich. Antike smei-izeren stekken, bjrkebeammen, snoeide buksus en taksus, rododendron ensafuorthinne. Wy ride mei de taksy oer it grintpaad, moai grintpaad, sjoch ik út myn eachhoeke wei in pear fûgels. In strúsfûgel, in emoe, in nandoe, in kasuaris, in pear pauwen, wat kwartels, in kalkoen en ien dy't ik net thúsbringe koe. No sjoch ik wol faker fûgels as ik dronken ha. Dus ik tink noch: it kin oan my lizze, mar Tiesemans seach se ek.

TIES: De tsjintwurdige eigners ha in fûgelparkje, as hobby. Syriërs.

BRAM: Dus it die bliken dat it kloppe. No hoecht dat op himsels gjin probleem te wêzen, fûgelboel, dêr komst frij maklik ôf.

TIES: Sa lang it net beskerme is, sis ik.

BRAM: In strúsfûgel en in emoe, dy binne dochs net beskerme?

TIES: Nee, mar in kasuaris wol. En dy oare, dy' st net thúsbringe koest, dat witst net as dy beskerme is, want do witst net wat it wie.

BRAM: Do ek net.

TIES: Nee, dêrom. Witst trouwens dat by in kasuaris it mantsje de aaien útbriedt en de pykjies grutbringt?

NICK: Wat docht it froutsje dan?

TIES: Gjin idee.

HANS: Winkelje mei freondinnen (*Hans laket om syn eigen grap. De oaren laitsje mei, mar minder*)

BRAM: Dus...wy krigen it hûs te sjen.

TIES: Geweldich hûs.

BRAM: In yntree, do leaust it net. Nutehout, moarmer. Trochlibbe, karakter, de hele hannel. In geweldich dakljocht yn glês en lead. Ties, wie it net geweldich?

TIES: Ja, dat wie geweldich.

BRAM: It wie in dakljocht yn glês en lead, dat sa ûntwurpen wie dat

it fiede as sietst op'e boaiem fan in fiver. As wiest in kikkert, sis mar. In kikkert op'e boaiem fan in heldere fiver dy't omheech sjocht nei de wetterspegel, dat gefoel. Irissen, tuorrebouten, piipkrûd, wetterleeljes. Fier fuort de himel. En alles fan ûnder ôf sjoen.

NICK: Kikkert perspektyf.

BRAM: Hjit dat sa?

NICK: Do hast kikkert perspektyf en fûgel perspektyf. Dit wie kikkert perspektyf, nei alle gedachten.

BRAM: O ja? No ja, wêrom ek net. Dat is eins ek wol logysk, foar in dakljocht. De keuken: âld, mar sa romantysk, helendal yn orizjinele steat. Sa'n keuken wêr't froeger in ôftakking fan in rivier trochhinne rûn, troch in moarmeren beken, sadat it personiel, stand achter in hout stookt fornús, mar it skepnet út hoegde te stekken om de farske fisk te fangen. Sjochst it foar dy?

NICK: Ik doch myn bêst.

HANS: Wat foar rivier?

BRAM: Wit ik it, de Seine? De Maas? Wat rint dêr eins?

TIES: Gjin idee.

BRAM: It docht der ek net ta, it ding die it net mear. Mar it wie der noch wol, wie leuk hear.

TIES: Orizjinele boadebellen, tsjinstlift, hele hippe koperen ljochtknoppen..

BRAM: De dream fan elke stylist. Dy hoecht net mear te dwaan as in pear pioenroazen yn in faas te smiten en in appel op tafel en klear is it.

TIES: De trep, Bram, fertel fan de trep.

BRAM: De trep. Ja, wat moat ik sizze. Schönbrunn mei in Japanske touch. Oplutsen yn natoerstien en tropysk hurdhout út de koloniale tiid. En de oerloop allinne, Hans, dêr past dyn hele appartemint yn.

HANS: Ik ha net safolle romte nedich as dy.

BRAM: Sliepfertrekken mei erkers, badkeamers, autentyk. Healstiens tegelsetwurk yn krêm en turkoais. Helendal Josephine Baker.

NICK: Wat?

TIES: Mar doe, Bram...

NICK: Josephine Baker?

TIES: Net ôfdwale no, gean fierder. Oars fertel ik it. En doe?

TIES: Geweldige souder.

BRAM: Orizjinele hoannebalken en spanten, fantastysk.

TIES: Mar dêr siet...

BRAM: De dream fan elke stylist.

TIES: Dit leaust net.

BRAM: No ja, wêrom soenen se net? Hearst it wol faker.

TIES: Ja, skynt faker foar te kommen. Do kinst it witte.

BRAM: Ik hie it allinne noch noait mei eigen eagen sjoen.

TIES: Ik ek net. En dat hie wat my oanbelanget sa bliuwe mocht.

HANS: Wat siet der no?

TIES: Ik koe it hast net leauwe.

BRAM: Ik ek net! It is dat ik it mei myn eigen eagen seach. Se hienen ús wol even warskôgje kinnen, fyn ik.

TIES: Dat dienen se. Attention aux singe seinen se.

BRAM: En dan witsto daliks wat dat is.

HANS: Wat siet der?

BRAM: In aap (*lange stilte*)

NICK: In aap?

TIES: In aap. In enoarme sjimpansee. In echte.

BRAM: Sa echt as wy hjir sitte.

TIES: Fjirtich jier âld.

HANS: In aap?

TIES: Yn syn eigen stront.

HANS: Wat?

TIES: Ja sorry, ik meitsje it net moaier as it is. Bram socht daliks yn syn tas nei nûtsjes. Ik ha yn de tuskentiid neifraach dien.

BRAM: Ik hie har fertrouwen al gau. Ik ha wat mei apen, dat witst.

HANS: Apen, homoseksuelen en bedrige diersoarten.

NICK: Hans! Net sizze.

BRAM: Wat?

HANS: Neat.

BRAM: Wat net sizze.

HANS: Neat!

NICK: In aap?

HANS: In aap.

BRAM: Berne yn in oerwâld, mar healwei de jierren santich fongen en ferkocht yn in warehús yn Parys.

TIES: La Samaritaine.

BRAM: Oan in jockey. Mar dy hie der al gau genôch fan. Dus dy ferkocht har troch oan in Dútsk Syrysk stel mei in kastieltsje yn Rambouillet. De earste sân, acht jier siet se mei kleantsjes en al op'e tafel as in surrogaatbern. Mar doe't se pubere waard se net te brûken en doe ha se op souder in hoekje foar har ôftimmere. En dêr sit se no al mear as tritich jier, yn har eigen stront.

HANS: Gadferdamme.

TIES: Se probearret wol skjin te meitsjen. Har ôffal skoot se sels ûnder it doarke troch. Dat is knap toch?

BRAM: Itselde doarke dêr't se har iten troch krijt. Trije kear yn'e wike.
Bêst knap. Foar in aap.

TIES: Mar goed, no binne dy lju âld, dy man wol werom nei Syrië en se wolle it kastieltsje ferkeapje. Mar dan moast dy aap der dus by nimme.

HANS: Lullich.

BRAM: Ja. It wie in leuk kastieltsje.

HANS: Wat hiest der dan mei dwaan wollen?

BRAM: Kursussen itensiede organisearje. Arranzjeminten. Kulinêre seminars, fruitcarving.

HANS: Fruitcarving?

BRAM: Kenst dat net? Dat dogge se by in Thais buffet, de sateetsjes opleuke mei meloenen yn de foarm fan pioenroazen, woartels yn de foarm fan tropyske fisken, eksoatyske fûgels fan paprika. Is knap hear. Binne hele boeken oer skreaun. The art of fruitcarving.

HANS: Kinste dat?

BRAM: Nee, wêr sjochst my foar oan?

HANS: Hoe wolst der dan in kursus yn jaan?

BRAM: Dêr hier ik in Thaise man of frou foar yn.

HANS: Yn in Frânsk kastieltsje.

BRAM: Dat hjit eklektysk.

NICK: Wie der genôch romte foar ús?

BRAM: Hin?

NICK: Foar ús. Us fjouweren.

BRAM: O. Ja, fansels. Njoggen sliepkeamers, as der net mear wienen.

NICK: Leuk.

TIES: Mar ja. Njoggen sliepkeamers en in aap. Dus.

NICK: Wy kinne mei syn allen dochs wol in aap fersoargje.

HANS: Leave, do kinst noch net iens in hûn ha.

TIES: Dat binne sokke hannebiners. Ik begjin der net mear oan.

HANS: In kat kin langer allinne wêze.

TIES: Kattedak, los hier. Ek fiis hear.

BRAM: In aap, dat is pas fiis. Dat stjonkt Nick, do wolst it net witte.
Jonges, wat ha wy it goed.

NICK: Ik kin bêst in hûn ha.

BRAM: Prachtich dy see.

NICK: Ik wol gewoan gjin hûn.

BRAM: Wat ha wy it goed jonges.


NICK: Wêrom tinkste dat ik gjin hûn ha kin?

BRAM: Wat ha wy it goed. Meie wy bêst sa no en dan by stil stean.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto